

SJUERYRAPPORT FEDDE EN MARTHA BERGSMAPRIIS 2021-2024

De sjuery, dizze kear besteande út Tamara Schoppert, Freak Smink en Gerrit Hoekstra krigen yn it lêste fearnsjier fan 2024 fia Keunstwurk twaëntweintich toanielteksten tastjoerd. Sy ha dêr benammen yn jannewaris, febrewaris en maart oer gear west ûnder oaren tidens trije byienkomsten op Kromwâl by Britswert. Dêr kaam fêst te stean dat der, lykas yn it tiidrek fan 2017-2021, toanielwurk yn grut ferskaat oanbean is: ienakters en jûnfoljend, koartswyl en ernst, mearkes en trageedzjes. Tank oan al dy skriuwers dy't harren uterste bêst dien ha om, elk op eigen wize, it oanbod fan oarspronklik Frysktalich toanielwurk te fersterkjen.

Tal, ferskaat en ynset jouwe oan dat de Fedde en Martha Bergsmapriis in prachtige stipe is foar it skriuwen fan Fryske toanielstikken. De priis draacht by oan in breder en nij oanbod foar it Fryske toaniel, mar is ek wichtich foar it fuortsterkjen fan de Fryske taal. Dizze priis is eins in ferfolchstap yn dy lange tradysje, dy't begûn yn de 19de iuw mei it Winterjûnenocht fan lju as Tsjibbe Gearts en Waling Dykstra. En as sadanich tige fan belang yn ús tiid.

De sjuery konstataret dat de rol fan meartaligens yn de stikken dy't lêzen binne, stadichoan grutter wurdt. In ôfspegeling fan de maatskiplike wurklikheid. Frysk, neist Hollânsk, Stedsfrysk en Bildtsk, fielt al hast as bekend oan op it toaniel. Yn ien fan de nominearre toanielstikken gean it Frysk, it Ljouwerters en it Portugeesk ferrassend in fanselssprekkende dialooch oan. En dat gebrûk fan meartaligens tsjinnet net allinne in mooglikheid ta ôfwikseling of fersiering mar is meastal funksjoneel en passet yn dizze tiid. In oar aspekt dat de sjuery beneame wol is it ferskil yn "tekstfersoarging". Dus hoe biede je de tekst oan? Guon skriuwers leverje it toanielstik oan mei in synopsis en mei in rolferdieling. Wer oaren jouwe ek noch in folsleine beskriuwing fan it dekôr. Dêrneist is de soarch foar presintaasje, bygelyks de lay-out, hiel ferskillend. Bytiden seagen wy in útnûgjend en tige brûkber toanielskript, mar soms like it troch ús lêzen wurk op in earste, net bot hoffene konsept. Boppedat wol de sjuery wize op ferskillen yn de kwaliteit fan it brûkte Frysk. Wy dogge yn dy sin graach de oanbefelling om hjir mear omtinken oan te jaan: skriuw geef mar linich. It giet yn toaniel fansels om sprekteksten, mar dat mei net liede ta ûnfersoarge taalgebrûk, bygelyks yn wurdkar en stavering. Fansels stiet de ynhâld fan in oanlevere toanieltekst by de beoardielingen troch de sjuery foarop. Mar faaks kinne de hjirfoar neamde konstataarringen oanlieding wêze om foar in folgjende priisomgong in soartemint fan format te ûntwikkeljen foar it yntsjinjen fan in toanielskript. It kin yn in protte gefallen wol wat kreker.

De Fedde en Martha Bergsmapriis is yn oansjen fiks tanommen en it prizebedrach is dêrneffens ferhege fan tûzen euro nei twa-en-in-heal tûzen euro. De sjuery is dêr tige wiis mei en tanket de Provinsje en Stichting Keunstwurk dat sy it mooglik makke ha om, wat it jildbedrach oanbelanget, De Pyt Zeepriis en de Fedde en Martha Bergsmapriis lyk te lûken.

Beide, op eigen wize, drage se by oan it fuortsterkjen fan de posysje fan it toaniel yn Fryslân en benammen it Frysktalige toaniel.

Genôch hjiroer. No de fraach: Hokker stik wint hjir de Fedde en Martha Bergsma priis?

Dizze kear is it oars as eardere kearen. Doe wie de winner fan te foaren al bekend makke.

No hat de sjuery trije toanielteksten nominearre. Dy seleksje kaam ta stân nei in tal lêsen- en diskusjerûnten. Der ûntstie ynearsten in langlist mei njoggen stikken. Nei besprek en twadde lêzing wiene noch fiif stikken kânshawwers, de koartlist. Dêr is it trijetal fan hjoed út keazen en de foardracht foar de priis bepaald. De winner dus. Alfêst lokwinske dêrmei en wat de beide oare nominearren oanbelanget: krekt net wûn, mar likegoed ek achttjin meidoggers achter jimme litten.

Trije nominearren.

Trije toanielstikken yn alfabetyske folchoarder neffens de achternamme fan de skriuwer.

Pas-poart fan Tjerk Bottema

In stik oer maatskiplike útsluting op grûn fan nasjonaliteit en geboarte. Urgint, mei in haadrol foar meartaligens. In ienakter dy't in aktueel probleem by de kop pakt en op in nijsgjirrige wize op it poadium tilt.

In saak fan libben en dea fan Broer Jorritsma.

Wa't seit dat je op grûn fan in rjochtsaak út in fier ferline in stik skriuwe kinne dat publyk fan no boeie kin, komt op syn minst oplutsen wynbrauwen tsjin. Mar de fraach: Wat is no krekt rjocht, is in tige aktuele fraach en sil ek hjoeddeiske toanielleafhawwers bine oan dit nijsgjirrich foarmjûne stik.

Thúsblaze fan Wessel de Vries.

In fjouwertal op harsels steande mar tagelyk gearhingjende toanielportretten fan gewoane minsken dy't ferbûn wurde troch har passy foar de muzyk. Spylje yn it korps fan doarp of krite: foar harren it ultieme gefoel fan mienskip.

Hokker fan dy trije nominearre stikken wurdt de winner fan de Fedde en Martha Bergsmapriis 2022-2024? Foar it antwurd op dy fraach jou ik graach it wurd oan Janneke Bergsma.

De winner is ..

Thúsblaze fan Wessel de Vries

Toanielskriuwers besykje libbene minsken yn werkenbere of ynfielbere situaasjes op it poadium te setten. Ea wiene dat dan benammen keningen en oare grutte lju, hjoed-de-dei giet it foaral om minsken lykas jo en ik. Guont dy't wy as publyk werkenne, wêr't wy ús oan spiegelje, wêr't wy ús mei ferbine of krekt fan ôfkeare. Guont dêr't wy fan sizze: 'Krekt dat fanke fan de buorlju!' of 'Dy hat in soad fan dy man op 'e hoeke; toe juh, hoe hyt er no?' Is dat spannend, de muoite wurdich? Jawis, want elkenien hat in ferhaal, at nijs, wat oars, wat ûnferwachts of wol wat dat we ta ús eigen ferrassing diele.

Yn 'Thúsblaze' tekenet Wessel de Vries fjouwer portretten fan sokke minsken dy't we wol kenne. Troch har sykjen reitsje se ús yn it hert. Wieke wurdt gewaar dat echte leafde oars fielt as wat se ûnderfynt yn har oant dan ta fanselssprekkende houlik. John-Douwe besiket as heit en eks-partner de emoasjes en agressy yn de stringen te hâlden nei in foar him ûnbegryplike skieding. Carmen wraksetlet mei it gefoel net te foldwaan. En Rinze wol yn it foar komme dat oaren tsjin him sizze sille dat er ophâlde moat mei it blazen omdat er te âld wurdt.

Fjouwer ferskillende minsken ferbûn troch har passy foar de muzyk, it korps, de fanfare. Dat spesjale moetingssplak yn it doarp of krite dat wy hast allegearre wol kenne en werkenne. Piter Wilkens sjongt dat der ivich en altyd blaasmuzyk is. Wy ha der sels twa lidwurden foar: 'de' en 'it'. 'It muzyk giet troch de buorren.' En **de** muzyk dy't men dan hearre lit, sprekt kloften folk oan, rekket ús as mienskip. Wessel de Vries fangt de belutsenens, de passy en de wearde fan muzyk yn libben, geef mar linich Frysk. Yn de monologen, ûnderbrutsen mei, hoe kin it oars, flarden muzyk én mooglikheden ta koarte dialogen mei omsittend laach reitsje wy op in yntime wize yn de kunde mei fjouwer minsken, sa ferskillend mar ek sa gelyk yn har hertstocht foar it korps, in mienskip yn it lyts.

De sjuery fynt dêrom dat Wessel de Vries mei syn ôfwikseljende, werkenbere en taalgeve kwartet 'Thúsblaze', foarmjûn yn nijsgjirrich, direkt húskeamerteater de winner is fan de Fedde en Marthapriis 2022-2024.

Tamara Schoppert,
Freak Smink,
Gerrit Hoekstra.

Ljouwert, 28 maart 2025.